


# 't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



De certifikat ta  
**Skieppesturt**  
fan it jaar 2009 is tekend oan  
**Betty Jellema**  
farwege haer brude ynsel  
soar as doarp en mensken

De reden is  
in Skieppesturt, Groning

33e jiergong - nûmer 1, jannewaris 2010



**Durk Breeuwsma**  
loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E [info@durkbreeuwsma.nl](mailto:info@durkbreeuwsma.nl) • I [www.durkbreeuwsma.nl](http://www.durkbreeuwsma.nl)

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)

balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur  
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

**GJETEMA**

*EXMORRA - TJERKWERD  
FOURAGE -AGR. WINKEL -TRANSPORT  
0515-576633 / 579156  
[www.gietemafourage.nl](http://www.gietemafourage.nl)*

Kleindiervoeders  
Transport  
Meststoffen

Granen  
Op en overslag  
Kennis en advies

Mengvoeders  
Ruwvoeders  
Enkelvoudige voeders



**Miedema Lighting**  
**Besparingstechniek**

Voor al uw energie zuinige verlichting en  
installatie aanleg kijk voor meer info:  
[www.spaarlampen.eu](http://www.spaarlampen.eu) 06-25146668

# 't Skieppesturtsje – 33<sup>e</sup> jiergong – nûmer 1, jannewaris 2010

Redaksje-adres:

Mireille Galema

Sylroede 22

8765 LW Tjerkwert

0515-579338

e-mail: [mjryedema@hetnet.nl](mailto:mjryedema@hetnet.nl)

## Rédaksje

Gerben Wijnja.

Sylroede 4

0515-579348

Anneke Feenstra

Bolwarderweg 12

0515-577117

Rienkje Lumstra

Sylroede 5

0115-579706

Finkko Rollema

Singel 8a

0515-579051

## Inhoudsopgave

Inhoudsopgave.....	1
Van de redactie.....	2
Vrijwillige bijdragen .....	2
Doarpsdiva Betty Jellema Skieppesturt fan It jier 2009.....	3
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	5
Oproep.....	6
Nieuws van Oranjevereniging "Mei inoar ien" .....	6
Nijs fan Eensgezindheid.....	7
"Wy hiene in hûske boppe de jarrekolk.....	8
Kerstbomen voor World Servants.....	15
EHBO Tjerkwerd,.....	15
Krystmoarntradyse mei eare fuortset.....	16
Tjerkwerd in de ban van sneeuw en ijs .....	17
Nieuws van peuterspeelzaal It Pijuttehonk.....	21
Nieuws over de ijsbaan .....	21
Fan de lisklup Tjerkwert.....	22
Parkeerprobleempje!!!!.....	28
Koken met Riemkje .....	29
Anonym.....	30
Geboren .....	31
Overleden .....	31
Yn Memoriam Gerrit Mulder.....	32
Bedankt.....	34
Collectes.....	34
SENDELEN	35

## **Van de redactie**

Inmiddels zijn we in 2010 beland, alweer het 10<sup>e</sup> jaar in de 21<sup>e</sup> eeuw!  
Ja de tijd vliegt om en voor we het weten is het weer oud en nieuw.

En ook nu is er het afgelopen jaar weer het nodige gebeurd in ons dorp.  
De nieuwbouw is (eindelijk) gestart, de ijsbaan staat (eindelijk) onder water,  
De voorbereidingen van de fietstunnel is begonnen, de brug bomen zijn  
“gekraakt”, de basisschool is gestart met de uitbreiding, er is verlichting  
gekomen rond het sportveld enz.  
Ook in het privé leven van een aantal dorpsgenoten is slecht nieuws gekomen  
en wij wensen hun en hun gezinsleden/families veel sterkte toe.

Voor een persoon begon het nieuwe jaar “verrassend” goed.  
Dat was voor onze Skieppesturt winnaar Betty Jellema , waarvan u verderop  
een uitgebreid verslag kunt lezen.  
Dit en nog veel meer treft u aan in het eerste Skieppesturtsje van 2010.

Heel veel leesplezier.  
De redactie.

## **Vrijwillige bijdragen**

**Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van:**

**Familie I. Schukken Tjerkwerd, A. de Haan Bolsward, S. Miedema Ymswâlde,  
Reitsma en Reitsma Den Haag, Familie S. Breeuwsma Tjerkwerd, B.R. Bakker  
Dedgum, I. de Koe en A. Schilstra Tjerkwerd, Frou A. de Jong Kollum, R. van der Wal  
Dedgum.**

**Namens de redactie, heel hartelijk dank voor uw bijdrage!**

#####

**Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding ‘Bijdrage ‘t  
Skieppesturtsje’ en het jaar waar het betrekking op heeft.  
Bankrelatie; Fortisbank Bolsward Rekeningnummer; 84.76.68.398**

# **Doarpsdiva Betty Jellema Skieppesturt fan it jier 2009**

***It is allejierren wer in ferrassing wa't de Skieppesturt yn ûntfangst nimme mei. In tradysje út al hast in fier ferline, want wa wit it noch dat Jan Blanksma yn 1977as earste ús heechste doarpsûnderskieding krike en dat doarpsomropper Freerk Schakel mar leafst twa kear yn fjourwer jier tiid mei de priis beleanne waard?***

De Skieppesturtûnderskieding is ûntstien fanút de gedachte om minsken dy't harren ûnderskiede te earjen en yn de rin fan jierren ha wy dêr ek al hiel wat minsken en groepen bliid mei makke. Op de jûn fan de prijsútrikking kaam ik krekt werom fan in gearkomst weryn op lannelik nivo omtinken jûn wurdt aan Iju dy't mei fernuft, steech en dreech, harren hoekhâldend sterk meitsje foar de mienskip en dan docht blikken dat der karrefrachten fol nammen nominearre wurde. Sa yn de tractant fan 25 jier dit, en 30 jier dat of noch mar 20 jier en dochs noch folholden ensfh. Dochs sjocht men ek dat der in grutte grize groep is fan allegearre sa'n bytsje itselde, aktyf en posityf. En dan giet it der om dy minsken der út te fiskjen dy't bewezen ha dat se boppe dy grutte positive massa ústekke. Mei opset neam ik it wurd posityf want dêr kinne wy mei foarút en dan meitsje ik dêrmei ek de oerstap nei de yndrukwekkende ynset op doarpsnivo.

Krekt yn in doarp is it sa wichtich om dy wurdearring ek wrâldkundich te meitsjen en mei in ûnderskieding te aksintuearjen. Want ek yn in doarp as Tsjerkwert stekke guon minsken boppe de grutte grize kloft fan warbere wurkers út. Ek dit jier is it ús wer slagge en dan net mei help fan it tillefoanboek saas dat eartiids wol gie. Nee, ek by ús komme foardrachten binnen fan minsken dy't graach sjoche dat dy en dy Skieppesturt fan 't jier wurdt. En faak is it ek al foarkommen dat wy dy minsken ek op ús listke hiene. Dit jier wie dat net oars en ek no ha wy der oer stind wa it wurde moast.

## **Net samar in vrou**

As wy mei de skieppefachten om en de hege hudden op yn 'e seal komme, kinst de spanning fernimme. Men sjoch elkoar ris goed oan as der stadichoan mear oer de persoan ferteld wurdt. Soe it in man, in vrou , in echtpear of faaks in keppeltsje minksen wêze? Dit jier wie ús kar fallen op in vrou. En dan ek net samar in vrou, mar in doarpsdiva dy't ús doarpsblêd 't Skieppesturtsje in glossy oansjen jaan sil. (sjoch

foarop !) It is dan ek in vrou mei artistike kwaliteiten. Toaniel (Muoike Styn) is op har liif skreaun en as playbackshowpresintatrice stiet se folleard op 'e planken. Tagelyk wurdearje wy har om de ynset foar it doarpshûs. Hja hat wat ôfwosken en himmele. En ek al is hja dan wat allergysk foar húskes en it praat dêroer, as suster spilet sy ek net swak by en helpt âlde en sike minsken alhiel frijwillich. Us doarpsdiva is ek noch ris in flink feestbeest want as wy wat djipper grave yn har aktiviteitenprogramma dan komme wy sterk wark tsjin op it mēd fan de rekreaasje, it Simmer 2000 spektakel, de oranjeferiening en as dat dan noch net genôch is plakke wy der ek de kaartklub noch aan fêst en slute ôf mei har krewearjen *fñæt. Oùde Mat. Ùt. Betty, as Mies. Wielte, Ùt.* Skieppesturt fan 't jier 2009 wurden is, dat sil gjinien ferbaze. It applaus davere dan ek troch de seal en doarpstroubadour Jan Nota ferraste ús noch mei in troch himsels skreaune Ballade op Betty.

Neidetiid is it altyd nijsgjirrich om yn alle rest nei te praten. Wylyst yn 'e seal de minsken hûndertút prate en wille ha, prate wy boppe noch in hoartsje mei Betty en Jaap (dy't yn it komplot siet, want ja, Betty moast dy jûns fansels wol oanwêzich wêze). "Tsjerkwert is myn thús", sa liet se witte ek al is se fan âlds in Snitser Klokkedief. De Mat sjocht se as har meast weardefolle bydrage, "want dêr hat elkenien wat oan." No ja, sa komme wy yn elk gefal geregeld by har op 'e matte. Ek al stie Jaap soms it swit op 'e kop ( Betty sei sa sljochtwiehinne ris: "Ik bliuw dy jûn mar ris thús" as er besocht har nei it Nijjiersbal te krijen- it slagge dochs. Se soe har sels noch ferstrûpe op Jaap syn fersyk. "Soks freget er oars noait en ik hie nijs yn 'e gaten – Jaap fûn myn outfit wat deisk - mar no falt it kwartsje fansels wol." En sa wiene der wol mear dy't yn it komplot sieten mar neat loslieten. "Ja, jim ha my goed by de poat nommen," wie har reaksje. De skieppepoat sille wy mar sizze. Mar Betty wie der mar wat wiis mei. Op de fraach wat se noch wol ris dwaan woe foar it doarp, nei safolle ferskillende aktiviteiten, wie se dûdlik: "De redaksje liket my wol leuk!" Op dat mēd hat se de noadige ûnderfinning: op 'e Lemmer rjochte se in krantsje op (Zandkorrels) en yn Snits siet se by de fuotbalkrante fan Hubert Sneek. Wa wit dat se meidetiid it redaksjeskip ek noch ris taheaket oan har lange rige fertsjinsten út it ferline. De tiid sil it leare.

Gerben D. Wijnja

Betty Jellema temidden fan redaksje doarpskrante



## Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Allereerst een goed 2010 toegewenst namens de stichting!

Het gezegde luidt 'het venijn zit in de staart'; het jaar 2009 had dit ook voor ons. De aanrijding met flinke schade aan het Waltahus en de inbraak, waarbij gelukkig weinig mee genomen is, zijn zaken die we maar snel moeten vergeten. Eind januari hopen we dat alles weer hersteld is en het Waltahus weer tiptop in orde is.

Door de sneeuw en gladheid gingen helaas een aantal zaken in het Waltahûs niet door of zijn uitgesteld, toch was al die sneeuwpret ook wel erg leuk voor de kinderen.

Een korte terugblik van wat er dit seizoen tot nu toe georganiseerd is:

Op 31 oktober was de aftrap van ons seizoen met de coverband Synergie, deze band speelde een erg leuk en wisselend repertoire. Voor de zangeres Geartsje Haytema was het een speciale avond, ze heeft nml vroeger vaak aan onze playback show meegedaan. Het werd een erg leuke avond.

Deze zomer hadden Fokko en Karin aangeboden om een keer een wijnproeverij te organiseren, op 20 november kwam Betty Haarsma langs om eea over wijnen uit te leggen waarbij er natuurlijk ook geproefd kon worden. De dag erna was het Waltahûs gevuld met alle kinderen die flink voor Sint en de Pieten hebben gezongen.

De kerststukjes zijn dit jaar op 11 december gemaakt. Omdat onze vaste 'kerststukjes-maaksters' verhinderd waren hadden Heleen, Afke en Janneke met hulp van Thea van alles gekocht en voorbereid en zijn er mooie kerststukjes in een kistje gemaakt. De 60+ soos is wel doorgegaan maar de mindermusical van 17 december niet ivm het slechte weer en wordt nu op later tijdstip uitgevoerd. De kerst klaverjas had last van het slechte weer en hierdoor niet zo'n hoge opkomst helaas.

Op 30 december is er een filmmiddag voor de kinderen georganiseerd en op 31 december konden de carbid schieters en toeschouwers zich opwarmen met lekkere gluhwein.

Op Oud en Nieuw was It Waltahûs natuurlijk open tot in de kleine uurtjes.

Zaterdag 2 januari was het een erg gezellige en geslaagde Nieuwjaarsbal. Naast de Skieppesturt uitreiking hebben we ook stil gestaan bij de bestuurswisseling: Jelle heeft de voorzittershamer overgedragen aan Afke en Gert Folkertsma is ons komen versterken.

Het zal voor Jelle maar zeker ook voor ons wel even wennen zijn; Jelle was toch altijd onze rots in de branding en stond altijd klaar met raad en daad. Jelle, heel erg bedankt voor alles wat je in al die jaren voor het Waltahûs betekend hebt!!

Voor de komende maanden hebben we op 6 februari de Playbackshow gepland dus verzin een leuk nummer en geef je op!

Een maand later, op 6 maart, hebben we een leuke avond in petto waarbij het Waltahûs een echt 'Swingcafé' gaat worden. We houden dan een muziek quiz,

waarbij in teamverband muzieknrums, bands en artiesten en muziekintro's geraden moeten worden met voor het winnende team een leuke verrassing!! De jaarlijkse vrijwilligers avond zal op 27 maart gehouden worden met als thema "Fout feest", alles kan en mag qua verkleeding en je kunt dus niet fout genoeg aankomen... Verder nieuws over deze activiteiten kunt u zoals altijd tezijner tijd op de M.A.T. lezen.

In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur..!!!

## Oproep

Stichting It Waltahûs zoekt vrijwilliger(s) die het leuk vindt om de cursus Sociale Hygiëne te gaan doen. Enkele vrijwilligers hebben deze ooit eens gedaan echter het is wenselijk dat meer mensen deze verklaring hebben. Cursus gaat over verantwoord alcohol gebruik, wat te doen bij alcohol misbruik, gastvrijheid, sociale vaardigheden, veiligheid enz. Cursus bestaat uit 2 lesavonden en 1 examen. Lijkt je dit leuk en wil je je aanmelden en/of meer informatie bel dan met Jasper de Vries (560751). Kosten worden uiteraard door de stichting betaald.

## Nieuws van Oranjevereniging "Mei inaor ien"

Met het dorpsfeest zijn er ballonnen opgelaten, we hebben nog nooit vermeld waar deze terecht zijn gekomen, dus bij deze;

Anna Tiesma-----Leipzig/Duitsland !!!

Mandy Koenz-----Ymswalde

Sanne Galema-----Singel 8

Lorena Berisha----- Onbekend

Zo zie je maar weer welk een grote reis zo'n ballonnetje uit Tjerkwerd kan maken.



Dit jaar hebben we natuurlijk weer een

### **dorpsfeest op 3 en 4 september !**

Het is dit jaar weer zeskamp dus lekker aan de slag met zijn allen. Wé willen het feest wel op een andere manier gaan vieren en om dit met jullie te bespreken hebben we eerst nog een

**jaarvergadering op 29 januari** om 20.30 in it Waltahus.

Graach oant sjen !!!

Oranjevereniging Mei inaor ien

Anneke F.

## Nijs fan Eensgezindheid.

Het korps is alweer volop in actie sinds de zomervakantie.

U heeft ons tijdens het dorpsfeest kunnen zien en horen: wat een geweldig feest was dat!! Eind november zijn we in Parrega geweest om mee te doen aan het jaarlijkse festival van de federatie. Hier hadden we een prima beoordeling.

Op het moment van schrijven zijn we druk bezig met de voorbereidingen voor de kerst en voor 2 januari. Op 2 januari gaan we naar "de nacht van de fanfare" in Nijland. Hier zullen we een optreden verzorgen met vooral feestmuziek.

In het nieuwe jaar gaan we druk aan de slag met de voorbereidingen voor het concours op 6 maart in Drachten..

Het ligt ten slotte in de planning om op 24 april ons jaarlijks donateurconcert te verzorgen: noteer deze datum alvast in u agenda!

Genoeg te doen dus voor ons als vereniging.

Misschien denkt u nu: leuk, ik heb vroeger ook een instrument bespeeld en het lijkt me wel weer wat: neem contact op met iemand van het bestuur.

We zijn nu ook in het bijzonder op zoek naar een ervaren slagwerker!

Nieuwe leden zijn altijd van harte welkom!


Onze jeugdleden zijn druk bezig met hun B-examen, de theorie is inmiddels achter de rug. Het jeugdkorps heeft ook alweer een aantal nieuwe leden erbij: super!

De jeugd heeft 21 december jl. een heel gezellige dag beleefd in Scharnegoutum. Samen met andere leden van verschillende verenigingen hebben ze een hele dag



muziek gemaakt en aan het einde van de dag een concert gegeven(zie foto).

Tot slot: willen we u/jullie een heel gelukkig en muzikaal jaar toewensen en we zien elkaar vast weer het komende jaar!



## "WÝ HIENK IN HÚSKE BOPPE DE JARREKOLK, MAR NACHTS DIENE WÝ IT BOPPE DE GROPPE"

Brechtsje en Rinske Bakker op 'e tekst oer it  
boerelibben yn Arkum fan eartilds

De nacht fallt oer it doarp. Hjir en dêr spat wat fjoerwurk mei lûd knallen út elkoar. De lêste sniespoaren ferhelje fan it winterke dat achter ús leit. Yn gjin jierren foel der safolle sneie. Bern wiene der wiis mei, de âlderein siet der oer yn. Hoe soe it komme? Yn de Trekfeart leit in grut frachtskip. Eartiids wie it in turfskipper dy't ynferzen lei. En op 'e iisbaan hâldt in kloft einen yn 'e wjerkeatsing fan it lantearneljocht in wak iepen. De loft bûgt skier oer it doarp mei in moanne dy't wetterich foarút

sjocht nei meer winterske delslach. Fine wolkjes skowe mei faasje út de noardeasthoeke oer it doarp. De huzen stekke swart ôf tsjin de himel. Achter de finsters blikkerje de

Ijochtsjes yn krystbeammen en oare fersierings. Hjir en dêr priket de rook fan in houtkachel dy't ekstra waarmte bringt yn 'e keamers dy't fold binne mei gesellichheid. Hoe oars wie dat jierren ferlyn. Wy praten deroer mei de twalingsusters Brechtsje en Rinske Bakker fan de Waltawei 5, 84 jier âld en noch folop belutsen by alles wat Tsjerkwert oanbelanget.



### **Fan Parregeea oer Turns nei Arkum**

**I**t wie yn 1925 doe't de twalingsuskes Brechtsje en Rinske Bakker op 'e wrâld kamen. Der slet in kertier tusken beide famkes dat sadwaande is Brechtsje de âldste fan de twa. It wie yn de Parregeaster mar op in lyts spultsje.

"Heit wie kormelker. Hy hie in stik as acht kij op stâl stean. Mar it wie sok min lân. It foel sa ôf. Doe't heit in molkrit yn Turns krije koe, setten se ôf. Dêr ried heit foar it molkfabryk mar by't winter brocht er mei syn molkwein ek turf by de boeren en moal of lynkoeken fan UT út Akkrum. Heit wie in skrander man, handich en betûft. Hy krige letter in spultsje oan 'e dyk mei wol 18 kij. Ja, hy buorke bêst.

En doe stoar omke Simon yn Arkum aan de gefolgen fan tuberkuloaze. De kalender stie op 22 april 1941. Dat wie in grut fertriet. No wie it op himsels ek al sa tryst omdat muoike al earder ferstoarn wie en omke allinne mei twa lytse berntsjes sitte bleaun wie. Dy binne nei syn dea by pake en beppe Woudstra yn Dedzjum grut brocht. En dat koe net better. Wat hiene se dêr in goed plak! Mar omke hie ek noch in bysûndere winsk: wy moasten op 'e pleats komme te wenjen. Dat it gong doe allegear tige hastich: op tsien maaie wiene wy al mei de frachtwein oer."

Sa bedarre de famylje Bakker op 'e ieuwenâlde terp fan Arkum, in hichte yn it lânskip mei fjouwer pleatsen en in trochgeand dykje fan Tsjerkwert en Blauhús nei Dedzjum en Parregea. It wie oarloch en boppedat kriegen men yn dy minne tiid ek noch fjouwer grouwe winters foar de kiezen. 1940, krekt foar it útbrekken fan de krich, 1941 en 1942 mei yn elk jier in Alvestêdetocht op redens. En dan kaam de Hongerwinter fan 44 der noch achteroan. Hoe belibbe men dy swarte bledside yn ús skiednis yn dat pleatske op 'e terp?

### Drege winters

"It waarden drege winters. It wie lang net maklik want alles befrear jin. Ek yn it bûthús. Mar dat mocht net fansels. It fee stie op stâl en moast te drinken krije. Dat betsjuutte altyd mar wer mei amers waarm wetter sjouwe en dy leegje yn in goate dy't by de muorre lâns rûn. Der wiene doe noch gjin drinkbakken. Dat wetter makken wy waarm yn 'e keuken, op de kookkachel. Dy stookten wy mei aeroaltsjes, turf, hout en dy rotsoai. Wy sieten allinne mar yn 'e keuken. Dêr wie it smûk, mar de oare romten yn de pleats wiene klam en kåld. Ek yn de pronkkeamer kaam men noait. Dat wie foar de bysûndere dagen as der besite wie. Allinne dan brânde dêr de kachêl. Koster Feike Jorritsma fan de lytse tsjerke fan Tsjerkwert brocht ús de brânstof. Alle lof foar ús âldelju want wat is der wat wûrk fersetten."



*Tekening fan de pleats op terp Arkum, makke yn 1908 troch Sjoerd van Slageren, dy't in oantroude neef wie.*



*De dames Bakker aan wearskanten fan it plusen tafelkleed, mei op 'e flier de âlde stoven en bûten ta it finster út de wite winterwrâld*

Wy sitte mei ús trijen om 'e tafel yn de achterkeamer fan harren kreaze went mei in prachtich útsicht oer de fjilden. In kryststikje op 'e tafel, in behindich krystbeamke by de muorre, in bakje kofje op 'e tiid en de tillefoan ûnder

hânberik. As wy wer wat witte wolle en de beide froulju komme der net út, dan grypt Rinske resolut nei de hoarn en ynformearret by skoansuster Doutsen Bakker-De Jong, dochter fan de eartiids ferneamde bakker De Jong yn ús doarp. "Jawis, sa wie it krekt. Winterdeis kamen der proppen ûnder de klompen. Dan glieden jo net sa gau út. Want dy houten klompen wiene sa glêd as sjippe. Hynders hiene ek fan dy proppen."

En dan giet it petear wer fierder oer postrinder De Jong, de bakkers, de winkelman, de slachter. It tilde hjir op fan de winkeltsjes. Wol spitich dat dat der no net mear is, sa fine de gesusters. "It wie sa geselich no, eefkes byprate yn 'e winkel. Mar ja, dat kin yn dizze tiid net mear yn doarpkes saas Tsjerkwert. Men soe gjin droech brea mear fertsjinje. Alles giet nei de stêd. Mar goed dat de SRV-man út Boalsert noch delkomt."

Werom nei it fee op stål. Yn 'e strange winters wie it dreech om wetter op te pompen. Dat siet sa en dan litte wy, op advys fan Rinske, saakkundich âld-boer Okke Postma fan de Kade eefkes oan it wurd. Hy buorke eartiids ek op ien fan de fjouwer pleatsen fan Arkum. "Under de terp siet in grutte wel en de pleatsen hiene elk in houten pomp yn't bûthús dêr't se it wetter mei opprompten út dy wel wei. Mar by't winter, en dy wiene strang yn 'e oarlochsjierrjen, siet der in kwast iis op en dêrûnder stie hast gjin wetter mear. No holden de Dútsers it peil wol wat heech hear. Dy kant nei Hieslum ta strûpte alles der ûnder. Nei de Brekken oare kant it spoar wie it winterdeis ien grutte liisbaan. Dy Dútsers tochten mei it

hege wetter de fijân noch keare te kinnen. Jawis, mar it fee hat altyd te drinken hân. Wy kapten wol in bit en holden dat wat iepen om it drinkwetter te hâlden foar de kij."

En dan Rinkse wer: "It frear yn dy winters sa almachtichst. Dan krigest de liisblommen net fan 'e ruten. Mei dyn azem blaasdest der in gatsje yn en sa seachst dan wat fan de wite wrâld om dy hinne. En op bêd wie it fansels ek glûpende kåld. Ast moarns wekker waardst lei It iis dy op 'e tekkens. Mar hoe min it waar ek wie, elk die syn plicht. Wieger de Jong, de post, brocht de brieven teplak, altyd op 'e fyts en hy hie my in hoeke. Fan Tsjerkwert sette er earst ôf nei Jnkershuizen, it lân troch oers smelle brechjes nei Aaxens, dan werom nei de Krabbedyk nei Ettema en Hannema en Haytema. Fiskersbuorren wie in aaklige dyk om dêr te kommen. Werom oer Dedzjum en Arkum. Hy bleau nea thûs en moast ek wol faak rinne mei de fyts yn 'e berm. Fierders wiene bakker, winkelman en slachter mei de koer op paad en molkrider Van der Wal fan Dedzjum wie trou mei syn hynders ûnderweis, mei keatlings om 'e weintsjillen om de molke fan de boeren nei 't fabryk te bringen. Feike Jorritsma, de koster, wurke ek by de bakker, as suteler. It koe poermin waar wêze mei stoarm en reinwetter, snie en iis, mar hy wie op in paad. En as er dan mei de koer leech wer werom kaam yn 'e bakkerswinkel dan sei frau De Jong: "No Jorritsma, hoe gong it mei dit minne wâar?" En dan sei er, ik wit it noch sekuer: "It koe krekt!". Hy klage noait. Net in wurd. Wy ha trouwens ek noait heard dat de minsken it kåld hân ha yn dat lytse tsjerkje. Elkenien koe in stove mei in têst en koaltsjes fjoer krije. De fuotten der op en och man, wat slet it dêr dan noflik en smûk. Lit dan de preek mar komme. Yn 'e grutte tsjerke hiene de stuollen in nûmer. Ienris ynt'jier koe men biede op moai plakje. Wa't it measte jild hie te bidden, krige fansels ek it moaiste plakje yn tsjerke. As ik dêr oan werom tink, ha ik dêr noch muoite mei."

### **Sterk iis en ûnderdûkers**

"Mar yn dy winters koe men wol prachtich ride. It iis wie doe ek folle gauwer sterk as no. En wy koene goed ride. Dat mele wy fan ússels wol sizze. Wy wiene altyd op it iis fan de Trekeart en rieden oeral hinne, wol oan Aldegea W ta.

*Hjirûnder de pleats op Arkum. Fergelykje dizze foto fan jannewaris 2010 ris mei de tekening fan 100 jier ferlyn.*



Wat wie it gesellich om oan te stekken by ien fan de koek en sopies foar it beker sûkelademolke en in stik koeke. Hjir yn 't doarp hiene Harmen en Jantsje de Boer ek in tintje op it iis foar de pastory. Foar dizze âld gemeente-arbeider en syn suster sil it wol in sinterse negoasje west ha, mar it wie wol gesellich.

Je seagen noaft in Dútser dêr yn Arkum. No ja, ien kear ha se by omke west, mar doe't se fernamen dat er tb hie, wiene se gau fuort. It tilde hjir trouwens op fan de ûnderdûkers. Wy hiene in stik as trije. Ien wie in neef dy't net yn Dútslan foar de fijân warkje woe en de oare twa wiene jonge famkes. Harren heit en mem sieten yn 'e pastory ûnderdûkt. Letter kamen der noch twa lytse bern út Brabân by. Harren heit en mem wiene by timmerman Wynia yn 'e Tsjerkestrjitte ûnderdûkt. It sil in hiel geheister west ha foar ús folk. Dy bern waarden jo ek samar troch de doar skood, jo hienen gjin kar en akseptearden it gewoan. Der wie help nedich en de plicht kamen jo nei, sûnder praatsjes. Yn Tsjerkewerd waard ien Joadinne ferburgen holden. Dat wie by Durk Rusticus en Afke Rusticus-Lycklama à Nijeholt. Gjinien dy't der weet fan hie, mar nel de oarloch kaam sy foar 't Ijocht en koe hja elkenien yn 't doarp."

### **Kachelleed**

Om de keamer waarm te hâlden wie in toer yn dy kâlde winters. Foar yn 'e skuorre leine de turven droech opsllein, de branje dy't Feike Jorritsma dêr brocht hie. Yn de Trekfeart by syn kosterswent lei de turfskipper mei syn hûshâlding ynferzen mei syn izeren skûtsje. Wat sil dat ek in kjeld lijen west had op dy skilpen. Op 'e pleats yn Arkum moast mem Bakker der moarns ekstra betiid ôf om de kachel oan te meitsjen. Brechtsje en Rinske witte it noch poerbêst. "It jiskelaad moast leech en dat waard útstruid oer it paad sadat it begeanber wie. En nêst de kachel stie de izeren turfbak dy't de hiele del byfuld waard. En de pipen fan de kachel moasten alle trije wiken skjin makke wurde omt se oars fol kamen te sitten mei roetoanslach. Wy woene fansels gjin skoarstienbrân ha. Dan wie it wer kâld yn 'e keamer en moast it kacheltsje der letter wer flink oan lûke om it waarm te krijjen. Nee, mei de Krystdagen hiene wy gjin krystbeam yn 'e keamer te stean. Dy stie wol yn 'e tsjerke hear, sawol yn Dedzjum as yn Tsjerkewert. Wy stutsen jûns as it skimerich waard in kearske oan, dat wie alles. In belslide hiene wy net. As de beide reinwetterbakken beferzen wiene, krigen wy wetter fan 't molkfabryk. Dat siet sa. Douwe van der Wal, de molkrider, naam de folle bussen molke mei nei it Hollandiafabryk yn Boalsert en hy kaam mei bussen wetter wer werom. Dat koe moai en sa ha wy ús altyd rôden."

### **Elektrysk**

"Yn dy begintiid op Arkum hiene wy ek gjin elektrysk. Yn 'e gong baarnde sa'n lyts skytlampke, in oaljelampke dat wat flikkere yn 'e sigens fan de gong. Yn 'e keamer hiene wy fansels in oaljelamp boppe de tafel te hingjen en yn't bûthús by

de kij hongen in stik as trije dy't Ijocht joechen yn dy tsjustere stâl. Och wat ha wy wat ôfmolken, mei de hân, wy moosten altyd. Moarns betiid en jûns wer by it Ijocht fan de oaljelampen. En as wy nei de heasouder moosten om hea troch de lûken nei ûnderen te smiten dan kaam der in pteroaljelampe mei, want dêr boppe ûnder de hoannebalken fan de pleats wie it ek wol tsjuster hear. En dan dy keallerij. Dan hiene wy ek wol wat Ijocht nedich. De kijne stie fertroud op stal. Se kriegen dêr te fretten: hea en lynkoeken út it oaljefabryk fan U. Twynstra fan Akkrom. Dat wiene ferneamde lynkoeken. It bedriuw bestiet noch mar ûnder in oare namme.

De kij skieten yn 'e groppe, mar it gie der ek wol ris oer hinne en dan moosten wy it wer skjin faaie. Dat wie dan wol in smoarge bringst. De stront bedarre buten op 'e rûchske, de dongbult achter de pleats en boppe de jarrekolk hiene wy it hûske, de wc sis mar. Mar moatst net miene dat wy dêr nachts hinne setten. Nee, dan diene wy it boppe de groppe. Ja hear, hallo, dêr by de kij wie it waarm. Wy setten dan net nei bûten ta, bist net wiis."

### **Ferdivedaaasje**

Dochs wie der ek wol ferdivedaaasje yn dy "goeie ouwe tijd". "Op nijjiersjûn wie der yn de âlde Harmonie altyd in prachtich feest mei toaniel. Dat waard opfierd troch eigen krêften. Sneontejûns moast der rippeteard wurde. Klaas Schukken wie de baas. Hy hie de swipe der ûnder. Dat sil ik jo sizze. Dêrfoar binne it ek Schukkens no. Elkenien hie respekt foar him. Mar it kaam ek wol klear dan en de stikken dy't op 'e planken brocht waarden soargen foar folle sealen."

### **Ta beslút in koarte twaspraak**

Brechtsje: It wie in drege tild. Wy moosten altyd.

Rinske: Wy binne der net minder fan wurden.

Brechtsje: Dêr ha'k it net oer. Wy binne goed opfieden.

Rinske: Gelokkich wol.

Brechtsje: Ik fyn wy ha wol in leuk ynterview.

Rinske: Jawis, it kin net better.

Brechtsje: It liket de Bibel wol.

Rinske: Ja, de doarpsbibel.

Gerben D. Wijnja



## Kerstbomen voor World Servants

Al vele jaren worden er, bij de fam. Dijkstra in Nijland, in december kerstbomen verkocht voor World Servants. Sinds wij in Tjerkwerd wonen proberen wij deze goede-doel-bomen ook bij de Tjerkwerders te promoten. We vinden het helemaal super dat steeds meer mensen de weg naar Nijland weten te vinden of een boom bij ons bestellen, die wij dan vervolgens thuisbezorgen.

Hoog tijd om eens uit te leggen wat World Servants precies is en doet.



World Servants is een christelijke organisatie die scholen, klinieken, schoonwatervoorzieningen en huizen bouwt in derde wereld landen. Dit wordt gedaan met hulp van groepen van jongeren (vanaf 16 jaar) en volwassenen uit Nederland. Het geld voor een World Servants reis moet opgebracht worden door de deelnemers zelf. Dit is niet goedkoop, want naast het geld voor de reis en het verblijf moeten ook de bouwmateriaal en de professionele begeleiding ter plaatse betaald worden.

Ieder jaar gaat er vanuit Bolsward een groep jongeren met World Servants mee. Dit jaar gaan er jongelui naar Brazilië, Dominicaanse Republiek, Kenia, Malawi en Bolivia. De gehele opbrengst van de kerstbomen die op de trije diiken 4 in Nijland en op it Soal 4 in Bolsward verkocht zijn wordt hieraan besteed.

Mocht u/jij meer willen weten over World Servants (lijkt het u/jou bijvoorbeeld mooi om een keer met World Servants mee te gaan) dan kunt u kijken op [www.worldservants.nl](http://www.worldservants.nl).

Ook kunt u gerust bij ons terecht met vragen, want ook wij zijn een aantal jaren geleden met de reizen van World Servants meegeweest.

De kerstbomenactie heeft dit jaar ruim €2000.- opgebracht!

Iedereen die een kerstboom bij ons gekocht heeft heel hartelijk dank hiervoor!!

Groeten van Ype Bote Bönnema en Jetske Dijkstra

## EHBO Tjerkwerd,

EHBO Tjerkwerd start vanaf donderdag 21 januari 2010 (deze datum is nog onder voorbehoud) een nieuwe cursus EHBO, hierbij zit ook het reanimeren met AED. De cursus is ongeveer 10 lessen, waarna een examen afgenoem zal worden. Deze avonden worden gehouden op de donderdag in het Waltahûs, vanaf 20.00 uur tot 22.00 uur.

Belangstellenden kunnen zich opgeven bij Hinke Brandsma (tel. 0515-579747) of Hinke Twijnstra (tel. 572308).



## Krystmoarntradysje mei eare fuortset

It wie wer raak op 'e iere moarn fan de Earste Krystdei. It korps sette opnij mei in delegaasje troch de buorren. Waar of gjin waar en no wie it wol hiel bysûnder yn dy wite wrâld. En al gong de snie suver wat oer yn in wiete liisrein, de muzikanten bleaune wakker trochspyljen.

In fan fan it earste oere is Rinske Bakker fan de Waltawei. "Ik gean dan altyd fan bêd ôf, skuor de gerdinien iepen, doch it rût iepen en dan harkje. Se spilen wol twa lieten. Doe ha ik se betanke en goede krystdagen tawinske." Rinske hie folle wurdearring foar dit optreden, benammen om't de lju fernikkelen fan 'e kjeld. "Man, se wienen der wer. Ek in prestaasje hear." Nei it spyljen setten se nei Joop Nota ta om dêr yn it tsjerkje te iten. Eartiids diene se dat by vrou Bakker yn de Tsjerkestrjitte, mar Joop en Akke ha dat letter fan har oernommen.

Rinske wie yn har jonge jierren sels ek by it korps. "Ik spile op in âld kring fan in bariton. Ik oefene my kapot mar wie net muzikaal. Mar de korpsleden seagen der tsjinoan om my dat te sizzen. Dat kaam fan myn entûsiasme fansels. En sa gong ik ek mei nei konkoersen en yn Molkwar ha wy sels in earste priis helle. Op it lêst ha se it dochs mar sein. Ik wie sa bliid as in protter en ha de bariton wer ynlevere. It wie nikks mei my, it waard ek nikks, mar ik fyn it noch altyd prachtich."



*Yn 'e snie op 'e iere krystmoarn spilet it korps krystlieten foar de bewenners. In tradysje dy't al moai wat jierren âld is. Hjir trotsearje se de wiete liisrein op de Sylroede.*

# TJERKWERD

In litsintje op it Krûzwetter by  
Tsjerkwert yn earder tiden.



Ondanks de sneeuwoverlast werd  
de post en de krant trouw bezorgd.



Zwaar materieel werd door Haarsma  
ingezet om de Sylroede bereikbaar te  
houden voor het bestemmingsverkeer.

# IN DE BAN VAN SNEEUW EN IJS


## 50 jaar geleden: Winter in Friesland

Ook toen was het winter in Friesland. Winterse neerslag in de vorm van ijsregens en sneeuw zorgden voor de nodige overlast. Vooral in de Zuidwesthoek werden er door gladheid tientallen ongelukken gemeld. Maar de kou zorgde ook voor plezier. Op de vlakte naast de ijsbaan bij Hurdegaryp kon na twee dagen vorst al geschaatst worden. Tot de schaatsers behoorde ook mr. H.P. Linthorst Homan, Commissaris van de Koningin in onze provincie. Helaas was de winterkou toen maar van korte duur: hogere temperaturen en regen maakten na drie dagen sneeuw- en ijspret een einde aan de winter.

## En dan Winter in Tjerkwerd anno 2009


Het begon al een beetje bij de intocht van Sinterklaas. Toen immers werd de ijsbaan officieel geopend in een ambiance van winterse feestelijkheid. Zie elders in dit nummer. Na Sinterklaas kwam ineens Koning Winter, zo u wilt Kening Rûchburd, op bezoek en blies zijn koude adem over het dorp met als gevolg dat het gemeenschapsleven zelfs op dorpsniveau even werd stil gelegd.

*Sinterklaas in aantocht over het eerste water van de nieuwe ijsbaan. De Pieten hadden er een heel gesjor aan, maar Sint bleef rustig zitten met in zijn achterhoofd een mogelijke Sintblooper. Zover kwam het gelukkig niet.*



*Even terug naar de ijsbaan die door Sinterklaas in hoogsteigen persoon in gebruik werd genomen. Het nostalgische lishokje deed goede diensten en riep de sfeer van ijswinters van weleer op. De koek en zopie ontbrak ook niet.*





*Alsof je een kerstkaart van Anton Pieck binnen stapt.  
Dit soort plaatjes maakt Tjerkwerd als kerstdorp compleet.  
Een Charles Dickensfeer zou hier ook prima gecreëerd kunnen worden.*

De kerstmusical **Het meisje met de zwavelstokjes** kon door het noodweer op 17 december geen doorgang vinden. Heel spijtig voor de kinderen die zich zo verheugd hadden op hun optreden en al even spijtig voor de ouders die hun kinderen graag hadden zien schitteren. Een mooiere ambiance in een besneeuwd Tjerkwerd kon je je nauwelijks wensen. Het mocht helaas niet zo zijn. Een herkansing komt in 2010.

#### Een sprookjesdorp



Als je die donderdag door de buorren liep, kon de schilderachtige schoonheid van het dorp je onmogelijk ontgaan. Om de zoveel meter daagden de oude gevels langs Waltaweg en rond de kerk je uit om het

*Schilderachtige luchten, die je doen denken aan schilderijen van oude meesters, waren volop te bewonderen.*

fototoestel te pakken voor weer een nieuwe foto. Zo vaak heb je ook geen sneeuw meer van deze kwaliteit. Kinderen leefden zich ook uit in



*Er wordt koortsachtig aan de ijsbaan gesleuteld. Het water wordt omgeven door een waar poollandschap.*



kwam zowaar onder water. Met zwaar geschut bruiste het water over de baan, de smeltsneeuw deed de rest en zorgde voor relatief koud water dat in één nacht bevroor. Alleen die eenden hè. Die zorgden voor een wak.

De vanaf de Waltaweg naar beneden lopende Sylroede werd door de jeugd al gauw benut als skipiste, een goede generale voor de voorjaarsvakantie! En jong geleerd is oud gedaan. Een prachtig gezicht. Voor het autoverkeer deed de weg een beroep op alle stuurkunsten van de berijders, want glad werd het wel, zeker na de kerstdagen toen een tweede sneeuwaanval het dorp verraste.

Wie 's avonds voor kerst door het dorp wandelde kon genieten van de fraaiste dorpsgezichten. Aan het eind van de Waltaweg had



landschap waarin de wintersymfonie voor een harmonieus plaatje zorgt. Zo is sneeuw op z'n mooist.

*D. Wijnja*



Klaas Boersma z'n tuin en huis middels een lichtshow een ware metamorfose gegeven en verderop in de bocht was de sprookjessfeer compleet bij de woning van Algra. En wat te zeggen van onderstaand

*(tekst en foto's: Gerben*



## Nieuws van peuterspeelzaal It Pjuttehonk

Zou het er dan toch van komen?

Sinds eind 2007 is het bestuur van 'it Pjuttehonk' al in gesprek met de gemeente en het bestuur van basisschool 'De Reinbôge' om samen te zoeken naar een oplossing voor een nieuw onderkomen voor de peuters. En nu lijkt het er dan toch (eindelijk) van te komen...

Basisschool 'de Reinbôge' werd te klein voor het toenemende aantal leerlingen. Een extra klaslokaal was nodig. De wens vanuit het peuterbestuur was een locatie binnen de basisschool te realiseren. Het bestuur van CBO Wûnseradiel stond positief tegenover onze wensen en waren bereid een extra peuterlokaal in de bouwprocedure mee te nemen.

De bedoeling is dat de peuters na de zomervakantie drie dagdelen in dit lokaal vertoeven. De overige dagdelen wordt de ruimte beschikbaar gesteld aan de tussen- en naschoolse opvang door Stichting Kinderopvang Zuid-West Friesland.

Van 'it Pjuttehonk' wordt een (forse) financiële bijdrage gevraagd.

Er is een fondsenwervingscommissie samengesteld, bestaande uit de bestuursleden: Aafke Visser, Boukje Zijlstra en Ida Folkertsma. Zij zijn momenteel druk met het aanvragen van subsidies en fondsen. Maar met de huidige crisis hebben veel fondsen hun eisen aangescherpt en is het moeilijk het bedrag bij elkaar 'te verzamelen'. Vanuit de fondsen worden er ook eigen acties verwacht. Zo is vorig jaar gestart met de garderobeactie op de zaterdagavond van het dorpsfeest in Parrega. Ook de opbrengsten van de pepernootactie komen ten goede aan de nieuwbouw. Maar er is meer nodig! In januari was er de flessenactie en op 27 maart hopen wij in 'it Waltahûs een voorjaars-fair te kunnen organiseren.

We zijn van plan om hier ook tweedehands kinderkleding en speelgoed te gaan verkopen, dus heeft u nog wat liggen bewaar het alstublieft voor onze speelzaal. Te zijner tijd volgt er meer informatie over de voorjaars-fair.

## Nieuws over de ijsbaan

Aan de inwoners van Tjerkwerd.

Kort voor de feestdagen hebben wij u door middel van een brief aan alle inwoners van Tjerkwerd geïnformeerd over de stand van zaken rond de ijsbaan. Het is niet de bedoeling dat we iedere keer kiezen voor een dergelijk informatiemiddel. Wij kiezen er deze keer voor om door middel van It Skieppeturtsje jullie verder te informeren.

We hebben geconstateerd dat het water in de ijsbaan in ongeveer 1 week 10 cm daalt. Dat is niet onbemoedigend. De grond heeft namelijk tijd nodig om te zetten. Daarnaast hebben we geconstateerd dat de "oude" drainage ook nog al wat waterverlies veroorzaakt.

Als derde punt hebben we kunnen zien dat een deel van de "dijk" water doorlaat. Door de sneeuw was dit duidelijk te zien.

Wat gaan we nu doen:

De "oude" drainage is inmiddels opnieuw opgegraven en gedeeltelijk verwijderd. Daarnaast wordt deze in het voorjaar op korte afstand van de ijsbaan opgegraven en met klei gedicht.

Het deel van de dijk dat water doorlaat zullen we nader bezien. Misschien dat de grond zich alsnog zet en dicht wordt. Zo niet, dan moeten we ons verder beraden. Het is bovendien nu niet de juiste tijd om opnieuw aan het dijklichaam te gaan werken.

Met vriendelijke groet,  
Namens het college van burgemeester en wethouders,

Hans Boerrigter  
Dorpencoördinator

## Fan de iisklup Tsjerkwert

Sneon 21 novimber 2009 wie in spannende dei foar de bern fan Tsjerkwert mar ek foar de iisklup. Sinteklaas iepene die dei de nije iisbaan! Oant krekt fan te foarren wie d'r noch omraak wetter pompt út de Trekefeart en op de dei sels stie d'r in laachje wetter op de baan. De bern sochten Sinteklaas al en by de nije iisbaan oankommen seach ien fan de bern ynienen de Goedheiligman stean; hielendal oan it oare ein fan de baan, hast net te sjen troch de mist. It wie noch gijn winterwaar en dus koe hy net op redens nei ús ta komme, mar lokkich wie d'r in boartsje. Spanhend wie it wol doe't de Swarte Pitèn, Sinteklaas yn it rubberboatsje oer de iisbaan nei de kant hellen.

Mei foarsitter Wiebren de Jong koe Sinteklaas doe offisjeel de nieuwe baan iepenje en wie d'r waarme poeiermolke en oranjekoekoek. Foar de bern hienen wy in kleurplatewedstryd holden en de priiswinners kriggen allegear in pryske. Spitiernôch blyuwde it wetter net op de baan stean. En sa sil je krekt sjen, dan wurd it winter. Mar mei de nedige ynspanning kaam d'r dôchs op 22 desimber in beste laach wetter op de baan en al gau lei d'r in iislaach.

Sneon 2 jannewaris hat it bestjoer mei in stikmannich (jonge) helpen in baan sniefrij makke; dit slagge net hielendal omdat ek middeis wer flink wat snee kaam.

Dôchs koe de iisbaan sneintemiddei 3 jannewaris ipen en al gau wienen d'r ledèn dy't mar wat graach efkes ride woennen. En mei it oanhâldende winterwaar waard d'r ek daliks in wedstryd útskreaun foar de skoalbern foar woansdei 6 jannewaris.



### **Ferslach hurdriderij basisskoallebern**

Woansdei 6 jannewaris 2010 koenen wy wer in hurdriderij foar bern fan de basisskoalle hâlde. De baan wie lokkich al wat ynrieden dus it iis wie net iens sa hiele min. De jongste dielnimmers, 4 en 5 jier, gienen earst fan start. In grutte groep fan mar leafst 11 dielnimmers. De âldste bern hienen we ek foarich jier sjoen mar d'r wienen ek nije talinten by sa as Lieke Draisma, Iris Ebbendorf, Bouwe Feenstra, Evelien Zaal en Sibrig Boersma. Hartstikke leuk dat dizze bern al meidienen! Anna Galama en Marit Draisma kamen in hiel ein mar krekt te koart foar de prizen. Die wienen foar Arjen Huitema 1e, Leonoor Zaal 2e en Evelien Zaal 3e.



*Lysbet Speerstra yn in spannende rit tsjin Evelien Zaal; beide wûnen in kear mar yn de 3e rit wie Evelien It snelst.*

Doe in hiele grutte groep 6 en 7 jierrigen; 9 famkes en 4 jonges. Marly Steegstra, Femke Galama en Lineke Schakel joegen aan it lêst ta knap tsjinstân aan de jonges mar rêden it net. De jonges gienen d'r mei de prizen fan troch: Lucas Bijlsma 1e, Jimte Draisma 2e en Jan Jochum de Boer 3e. Folgjende kear jimme wer froulju! We makken de wedstriidbaan wat langer foar de 8 en 9 jierrigen. Ek hji somstiden spannende ritten. Jo koenen sjen dat de measte bern al aardich ynrieden wienen én dat in part fan harren ek gebrûk makke hat fan it 4x fergees reedriden yn Thialf. Úteinlik wienen hji de prizen foar Menno Galama 1e, Rob Miedema 2e en Kirsten Bijlsma 3e. Dernei wienen dan de âldste bern aan bar; moai ferdield, 5 jonges en 5

famkes. No se fleagen betiden  
hast út de bocht oan it ein fan  
de baan, sa razende snel gie it.  
En de jonges en famkes  
wienen aan elkoar weage. Nei  
in pear spannende ritten wie  
de útslach: Klaas-Jan Haytema  
1e, Yvonne Galama 2e en Kim  
Boomkamp 3e.

Alle bern kriegen waarme  
poeiermolke mei in koekje en  
fansels kriegen de winners in  
moaie medaille. It wie in  
prachtige middei mei in soad dielnimmers: mar leafst 45 bern!

(in part fan) de winners

En Kening Winter hie it goed mei ús foar, dus organisearre de iisklup ek in hurdriderij  
foar grutten.



### **Hurdriderij foar grutten**

Moandeitejûn 11 jannewaris organisearre de iisklup in hurdriderij foar elsenien fanôf  
de basisskoalle. D'r waard mar leafst yn 5 kategoryen rideń. By de jongste  
dielnimmers (jonges/famkes o/m 15 jier) wienen dit jier 8 dielnimmers en foaral yn  
de beslissende ritten foar de finale wienen de riders best oan elkoar weage. Úteinlik  
waard **Djurre Zijsling 1e, Reiny Haytema 2e en Thomas Huitema 3e**. Seker alle gear  
talinten foar de takomst yn dizze kategory!

Dernei wienen de froulju oan bar. Einliks wie it de kategory fan 16 o/m 29 jier mar  
omdat Thea Zijsling de iennichste wie yn de dernei folgjende kategory waard sy hjir  
ek by yndielte. Thea hie in steand nûmer en kaam sa gelyk yn de twadde ronde en die  
dat hiel bêst want úteinlik moast se om it tredde plakje ride. Der wie lykwols Freerkje  
Walsma har te snel ôf. De finale waard rideń tusken 2 hiele rappe dames; Sietske van  
der Meulen en Jacobien Postma. Wat in spannende striid ek hjir mar Jacobien wist  
dôchs Sietske te ferslaan en sa waard hjir de útslach: **Jacobien Postma 1e, Sietske  
van der Meulen 2e en Freerkje Walsma 3e**. Knap wurk froulju!

Doe koenen de manlju los. Earst de 16 o/m 34 jierrigen. Spitiernôch wienen hjir mar  
4 dielnimmers. En dat betsjet dan ek dat ien bûten de prizen falt en dat wie Jan  
Witteveen, oare kear better Jan! Jan waard d'r yn de striid om it tredde plak ôfriden  
troch Pier-Jan Zijsling. Yn de finale gie it tusken Auke Walsma en ús nije lid Ruben  
Rijkema. Sokke leden binne we wiis mei fansels want hy levele best striid mar dôchs  
wie ek foar him Auke te rap. In gang as in kûgel het die Auke! Dus wie **Auke Walsma  
1e, Ruben Rijkema 2e en Pier-Jan Zijsling 3e**. Oare kear ferwachtsje we fansels folle  
mear jonge mannen dy't meidogge!

We sloegen efkes in kategory oer en ferriden earst de prizen foar de manlu fan ôf 50 jier. Hjir lokkich 3 dielidders en dus koe d'r hjir ek echt om striden wurde. Jentsje v.d. Stap moast it earst opnimme tsjin Ids Schukken dy't lang twifele as 'r no al as net meidwaan soe. No it wie in goeie kar fan Ids om mei te dwaan want hy ried Jentsje d'r ôf en wie dus al wis fan de finale. Dominicus Kuipers, ek al in nij lid, hie in steand nûmer en wie doe de tsjinstanner fan Jentsje v.d. Stap. Dominicus skeat útein en wie samar by de einstreep en wûn dus dizze rit. De finale tusken Ids en Dominicus waard ek troch dizze lêste wûn en dus wie **Dominicus Kuipers 1e, Ids Schukken 2e en Jentsje v.d. Stap 3e**. Hulde foar dizze mannen!

En doe noch de kategory manlu fan 35 o/m 49 jier wer 6 dielidders wienen. Ek wat súterich dus mar de striid wie d'r net minder om. Sjoerd Bouma wie d'r hielendal klear foar; foarich jier riid hy noch mei de sigaret yn de mûle, no kaam hy mei de sigaar ûnder de mûtse op de baan. En foardat Sjoerd yn de 1e rit tsjin Thomas Burghgraef ride moast, stuts hy earst de sigaar aan en sette doe op nei de start. Mar spytich foar Sjoerd koe de sigaar him net de winst bringe; beide ritten wie Thomas rapper. We binne fansels wol benyd wer Sjoerd de folgjende kear mei komt! Jan Postma riid yn de 2e rit Klaas Boersma d'r ôf en Evert Bakker waard ferslein troch Jelle Zijssling. Jan en Thomas makken it dernei spannend; earst wûn Jan, doe Thomas, mar yn de 3e rit wie Jan it snelst. De finale wie dus tusken Jan en Jelle en Jelle wûn beide ritten. De útslach wie dus **Jelle Zijssling 1e, Jan Postma 2e en Thomas Burghgraef 3e**.

Foar de priisutrikking setten we nei it Waltahûs. Der waarden alle winners beleane mei in medaille en de 1e priiswinners kriegen de wikselseker. Alle winners waarden noch op de foto setten. En der wie meinammen Ids Schukken noch it bliidst mei want dan hie hy foar syn kollega's moai bewiis dat 'die âld man' noch best wol ride koe!



De winners!

Al mei al in tige slagge riderij, al hie de dielname wol wat grutter wêze mochten. Woansdeitemiddei 13 jannewaris organisearre de liikup foar de bern in **mini 11-stedetocht**.

By ús wie de iisdikte genôch hjirfoar. De lânlike pers hie hjir lokkich gjin lucht fan kriegen dus fan 11-stedegekte wie gjin sprake. Wol wie it geweldich safolle bern fan start gienen; mar leafst 45! Allegear mei de stimpelkaart yn de hân en sa op fan Ljouwert, nei Snits, Drylts en sa fierder. Foaral foar de lytskes wie it in drege tocht en

d'r stie in hurde eastewyn mar dat heard d'r fansels ek by as jo 'de tocht der tochten' ride.

By Bartlehiem moasten de bern op knibbels ûnder de brêge troch en dan op nei Dokkum en fansels dan noch it lêste stikje wer nei Ljouwert. En wat in prestaasje: alle bern hellen de finish en waarden beleane mei in medaille. As iisklup fan in doarpke aan de 11-stederoute wie it foar ús hartstikke leuk om de bern op dizze manier wat fan de tocht priuwe te litten. En no mar hope dat we de echte tocht dizze winter ek noch meimeitsje!?

*Marly Steegstra, Sanne Galema en Stefan Dijkstra alwer op wei nei Ljouwert, hjir by de stimpelpost Boalsert*



### **Estafette**

Op sneon 16 jannewaris organisearre de iisklup in estafette foar eltsenien fanôf 10 jier. In moaie groep fan 8 teams kaam op de start. Elts team bestie út 2 manlu/jonges en 1 frou/famke. D'r stie in straffe wyn oer de baan en it wie wat 'taaierich' dus it wienen drege omstannichheden.

Eltsenien wie dan ek best ynpakt mar der wie ien rider dy't wol hiel kreas aan de start ferskynde.... Sjoerd B. Bouma. We wienen fan Jelle Zijssling, Anouk Koster en Jentsje v.d. Staph namen it yn de earste rit op tsjin Sjoerd Bouma, Froukje Walsma en Riemer Haytema. Mar as it no troch syn pak kaam as dat Sjoerd wat 'oerstraint' wie, hy kaam te fallen en syn team koe it net winne. De 2e rit gie tusken Jan Postma, Freerkje Walsma en Yordi Taris tsjin Yde Schakel, Sietske v.d. Meulen en Arnold Huitema. Dit waard wûn troch it team fan Jan.

Doe waard d'r striden troch it team Evert Bakker, Thea Zijssling en Robin Bijlsma en Klaas Boersma, Afke Smid en Hidde Lemstra. Wat in striid wie dit; Thea kaam by de wijseling te fallen mar koe dochs it stokje wer pakke en op tiid oan Evert jaan. Dat die fertúten want dit team wûn. De leste rit wie foar Ruben Rijpkema, Yvonne Galama en Thomas Huitema tsjin Thomas Burghgraef, Jacobien Postma en Klaas-Jan Haytema. Earst like it d'r op dat dit lêste team winne soe mar Ruben sette noch efkes flink oan en sa wûn dat team.

Der wienen in winners- mar ek in ferliezersronde.

Sjoerd wie troch syn fal doch wat blessearre en hy waard ferfongen troch Sven Bijlsma. Mar dit team bleau neat besparre, want leinen se goed op koers foar in



ritoerwinning, doe kaam Froukje te fallen; lakkich foel dit letter mei en koe Froukje noch wol de oere ritten folgie.

By de winners wienen noch in pear spannende en somstiden ferrassende ritten. It bliuwt fansels estafette dus it komt net allinne aan op snelheid mar ek op taktyk en fansels foaral goed en neffens de rigels it stokje oer jaan. Dit lêste gie mis by it team fan Thomas; Thomas bliuw wat te lang oan Jacobien fêst sitten en hie net op'e tiid it stokje en ja, al hoe sneu, sa waard dit team diskwalifisearre. Úteinlik wienen de prizen foar:

Winners:            1e        Evert Bakker, Thea Zijsling en Robin Bijlsma

                        2e        Jelle Zijsling, Anouk Koster en Jentsje v.d. Stap

                        3e        Jan Postma, Freerkje Walsma en Yordi Taris

Ferliezers:        1e        Ruben Rijpkema, Yvonne Galama en Thomas Huitema

                        2e        Yde Schakel, Sietske v.d. Meulen en Arnold Huitema

Dizze kear gjin medailles en bekers mar slagroomtaarten, appeltaarten, droege waarsten, kofje en koekent!



Foto's: Akky Haytema

Foto's: Akky Haytema

It wie hartstikke kåld mar de sfeer wie d'r dizze middei net minder om.

Noch efkes in húshåldlike meidieling: as it echt winter is en de iisklup ferskate aktiviteiten organisearje kin, dogge we derfan yn elts gefal berjocht middels **oanplakbiljetten by de iisbaan, op skoalle en 'it Waltahûs'**. As jo/jimme in e-mailtsje stjoere nei it sekretariaat, [riemerhaytema@hetnet.nl](mailto:riemerhaytema@hetnet.nl) dan sil wy jim middels de mail ynformearje.

Nammes it bestjoer fan de iisklup Tsjerkwert, Akky.

P.s. binne jo noch gjin lid fan de iisklup mar wolle jo dat wol, dan kin dat fansels. Nim efkes kontakt op mei it bestjoer: Wiebren de Jong (voorsitter), Akky Haytema (sekretaris), Evert Bakker (ponghâlder), Hotske Burghgraef, Eric Bijlsma, Jan Postma en Bertus Walsma.

## Parkeerprobleempje!!!!

Wij vragen via de Skieppesturt aandacht voor het regelmatig ongewenst belemmeren van onze vrije doorgang aan de Sylroede.

Het is erg lastig , als we weg willen en eerst moeten wachten totdat de "parkeerder" vertrekt.

Helaas werkt de nieuwbouw van school nu ook niet mee, om de auto te kunnen parkeren, een troost; het parkeerterrein is over een half jaar weer beschikbaar!!!!

Tot zolang, de fiets of benenwagen.....? !

Bedankt voor het begrip, gezond 2010!



Fam. Hekkema



# Koken met Riemkje



De allerbeste wensen voor 2010 en veel gezondheid en gezelligheid  
toegewenst in dit komende jaar!

Op moment dat ik dit typ is het kerstvakantie en wat hebben de kinderen veel plezier in de sneeuw. Weer voor stampotten, snert, oliebollen enz. Heerlijk allemaal, maar ik heb voor januari weer even wat anders op het menu. Na veel vlees te hebben gehad met de kerstdagen, vind ik vis ook altijd weer erg lekker. Vandaar twee recepten met vis. Veel plezier!!

## Kabeljauwhaasje met chorizo.

Benodigdheden voor 4 personen;

500gr. Kabeljauwhaas

1 eetl. Verse rozemarijn

75 gr. Chorizo in plakjes

2 vleestomaten

Verwarm de oven voor op 175 °C. Bestrooi de kabeljauw met zout en leg de vis in een ovenschaal. Strooi de rozemarijn over de vis. Spreid de plakjes chorizo over de vis uit en laar ze elkaar iets overlappen. Snijd de tomaten in kleine stukjes en leg ze rond de vis. Strooi er wat peper en zout over. Schenk 2 eetlepels water in de schaal. Zet de schaal op het rooster in het midden van de oven en laat de vis in ca. 15 minuten gaar worden. Neem de schaal uit de oven, dek deze af met een deksel of aluminiumfolie en laat hem 5 minuten staan. Lekker met een stampotje spinazie of hutspot.

## Zalmfilet met Chinese kruiden en gerookte zalmrijst.

Benodigdheden voor 4 personen;

300 gr. Witte rijst

4 eetl. Sojasaus

2 eetl. Medium dry sherry


1 eetl. vloeibare honing

2 eetl. Sesamolie

4 stukken zalmfilet à 125 gr.

100 gr. Gerookte zalmblokjes

4 eetl. Verse koriander fijngehakt.



Kook de rijst volgens de aanwijzingen op het pak. Klop in een kommetje sojasaus met de sherry, honing en de sesamolie door elkaar. Bestrijk de stukken met zalm met ca. 2 eetlepels van deze saus en bestrooi ze met wat peper. Verhit een koekenpan en leg de stukken vis in de pan en rooster ze op middelhoog vuur 3 minuten. Keer ze en rooster ze 2 minuten. Roer zodra de rijst gaar is, de gerookte zalmblokjes, koriander

en 1 eetl sojasaus door de rijst. Schep de stukken vis elk op een warm bord. Serveer de rijst en de rest van het sausje apart erbij. Lekker met Chinese wokgroenten.  
**EET SMAKELIJK!!**


## Anonym.....

*Tusken de mienskip wurde kontakten socht,  
wer is de persoan, dy't in kxitânsje brocht ?  
Jo meie betelsje, automatysk of mei girokaartsje,  
it gemak makket tiid foar it hagepraatsje,  
Kontaktearm of -ryk ?  
Of tink ik no sa bryk ?  
By ús nutsbedriuwen is it krekt sa,  
wolle jo wat kwyt of oersis mei immen ha,  
dan binnen nei hast alle toetsen ûngefear,  
alle meiwurkers drok, drok, noch altyd yn petear.  
Wachtsje op kontakt, al fanôf juster  
betiden bin ik it paad hast bjuster!  
It ynternet kinne wy gjin dei mear sùnder,  
hoe't elke digibeet him rédt, dat is in wûnder.  
Foar alle ynformaasje rap en snel,  
wurde jo ferwezen nei postdo.nl.  
Ferskrasing fan it minslike kontakt,  
Anonym, sa wurdt it ús ferpakt.  
Wy dogge der allegear oan mei,  
it falt hast net mear te kearen.  
Jou net allinnich tiid de skuld,  
it omgean dermei falt wol te learen....*

LC, 23 des.2009

A.F.

## Geboren



Jippe Teake is geboren  
op 9 december 2009

Zoon van Mira Hoek & Jasper Jan de Vries  
Broertje van Margje Geiske

Singel 4  
8765 LL Tjerkwerd  
0515-560751

## Overleden

Tige oandien binne wy troch it unverwachts ferstjerren fan us heit en pake.

Hij wie noch folop yn it libben, fol plannen...,

*Gerrit Mulder*

Nijemardum, 16 oktober 1919

† Tjerkwert, 6 jannewaris 2010

Sünt 25 april 2007 widner fan Klaske Mulder-Deinum.

Singel 1  
8765 LL Tjerkwert

It Heidenskip: Antsje en Bottie Ouderkerken-Mulder

*Klaske en Rudi*

*Durk (yn netins)*

*Grytje*

Joukje en Martin

Feilke en Ella Mulder-Leegte

Joukje Vitamo Mulder en Zweitze Zwart

Martha Mulder

Pietsje en Georg Lint-Mulder

*Janna*

*Stefan*

Harich: Frans en Baukje Mulder-Postma

*Gerd*

*Marije*

# **Yn Memoriam Gerrit Mulder**

**16-10-1919 – 6-1-2010**

Wa hie tinke kinnen dat Gerrit Mulder ús sa gau ûntfalle soe. Begien mei it nijs fan Tsjerkwert hiene wy begin 2010 noch kontakt oer de Skieppesturt. Sels hie er dizze earfolle underskieding trije jier ferlyn noch kriegen. Wat wie er dêr grutsk op. Moai wie it dat syn frou dat ek noch meimeitsje mocht.

Wy binne trije jier fierder en allebeide binne se der no net mear. Echte doarpsminsk dy't harren hert yn Tsjerkwert lizzen hiene. Net opfallend fanwege harren beskieden hâlding, mar wol dûdlik oanwêzich mei saken dy't net elkenien kin. Gerrit Mulder syn frou Klaske sei ris tsjin my: "Ik pruts mar wat" en as jo dan each yn each stiene mei de risseltaten fan dat krewearjen, dan spruts dêrût ien grutte passy foar nifeljen mei in krektens dy't djip respekt fertsjinnet. Doe't it allegearre net mear sa goed woe, wie har man Gerrit har grutte stipe. Pronkstikken fan it boppeste buordsje binne ek no noch de tsjûgen fan har artistike talint.

Mei Gerrit Mulder lizze de kwaliteiten op in oar mêt. Hoewol hy ek kreatyf syn spoaren neilitten hat, lizze syn fertsjinsten dochs foaral op dokumintair terrein. As doarpsskilder moast er, alhiel tsjin syn sin yn, beliis jaan doe't er foar syn wûrk ôfkard waard. Oare saken kriegen yn de jierren dy't folgen folop omtinken. De tún mei al dy beltsjebommen. Wat har er my wol grutsk rûnliesen by al dy ferskillende soarten lâns. De hiele buorren koe der fan meigenietsje, want de achtertún hong fol! Gerrit wie in man dy't him sels ferdjippe yn de libbene natoer. In autodidakt soe men him neame kinne. In spesjaliteit waarden de flinters. Nachts wie er op paad mei lekken en lampe om oeral nije oanwinsten op te dwaan. Syn samling wie sa nijsgrirrich dat dy fan hegerhân omtinken krike. No hat it in fêst plak yn it Frysk Natoerhistoarysk Museum yn Ljouwert. Fotografy hearde der ek by. Alle molen fan Nederlân woe er sels op 'e foto sette. En dêr is er hiel fier mei kommen! Op it liest sakke dat wat ôf, foaral doe't it reizgjen beswierlik waard. Kapper Wijma fan Boalsert hie him dêrfoar trouwens al op it paad fan de reprofotografy brocht. Alde foto's fan Tsjerkwert en omkriten hiene syn belangstelling ek folop en no koe er dy âlde bylden sels koplearje en yn de doka sels ôfdrukke. De samling waard grut en stadichoan rekke dy kompleet. Fan alles út it ferline hie er altyd goed bewarre, oan rekkeninkjes ta en dy jouwe no in seldsum byld fan ús doarpsferline. De winkeltjes en bedriuwkes fan eartiids komme suver wer ta libben by it sjen fan al dat moais. Gerrit hat dêrmei baanbrekkend wûrk dien foar it fêstlizzen fan ús doarpsskiednis. Koartlyn skille er my noch optein dat er de lêste aansichtkaart dy't noch ûntbrûts yn de smaling op 'e kop tikke hie. Hy wist dat er noch ien wêze moast en ynternet brocht lang om let útkomst. Doe't er dy dêr

tsjinkaam wie in goed bod op in feiling heech genôch om dizze kaart ek foar de doarpsskiednis binnen te heljen.

No't wy it dochs oer ynternet ha, doe't Gerrit 70 waard krike er in kompjoepter. Hy wie der al gau paadwiis op makke en sa gie der in nije wrâld foar him iepen, dy fan it sneupen yn de digitale wrâld. "Ik hâld fan rariteiten", sei er ris doe't ik by him thús de safolste map mei hijsgrich materiaal ûnder eagen krike. Kasten fol mappen, albums en alles kreas ynplakt mei gefoel foar krektens. It moast sa en net oars. Mei de pc wie it al krekt sa. Systematysk waard ynternet ôfstreupt nei nijs oer Tsjerkwert. Doe't de Ljouwerter krante alles op it web setten hie, koe Gerrit syn gelok net op. Alles wie thús fanút de noflike stoel binnen te heljen. Meiwerkje aan boeken wie him ek net frjemd. It Tsjerkwerter boek, dat al wer jierren útferkocht is, waard mei syn ûnmisbere help gearstâld. Stambeamûndersyk leverre kostbere ynformaasje op en krektlyn kaam der, mei syn help, noch in boek út oer de famylje De Boer. Mar hy woe noch safolle mear. Sa wie er noch dwaande mei in boek oer de grêfstiennen fan Tsjerkwert en de website hie ek syn grutte omtinken.

Foto: F. Mulder



Tsjerkwert mei Gerrit Mulder tige tankber wêze foar alles wat er fêstlein hat, mei grutte leafde foar it doarp. Hy hat ús dêrmei in monumintaal argyf neilitten dat oer de hiele wrâld yn te sjen is troch it warbere wark fan syn soan Feike dy't as webmaster fungearret fan in site dy't drok besocht wurdt. Wa hie dat 80 jier lyn tinke kinnen doe't de dokter it lytse baaske fan strjitte fiske en thús ôflevere mei it boadskip dat er behurdzje moast. Mei de bêste bedoelings wie er troch syn mem goed ynpakt tsjin de kjeld. Dat de dokter der in Spartaanske wurkwize op neihold

hearden wy yn 'e grôfolle tsjerke by it oersjoch fan syn rike libben. Wylst lytse Gerrit yn it trepsgat hong, hold de dokter him in mes ûnder 't gat. Hy moast him omraak fêsthâlde, want oars..... De aksje hie risseltaat: Gerrit hat nea wer in sjaal om hân en behurde omraak. Hy is der goed '90 jier mei wurden.

Tsjerkwert is har libbene kollektive ûnthalde kwyd. Wat wist dy man in protte! Foar al dy ynformaasje moatte wy no op de website terjochte. Sa libbet syn krewearjen ivich oer de hiele wrâld fierder. Lit dat ek de famylje ta stipe wêze by it dragen fan dit grutte ferlies.

Gerben D. Wijnja út namme fan de redaksje 't Skieppesturtsje

*Mededelingen voor de rubriek "burgerlijke stand" worden uiteraard op verzoek geplaatst.*

*De redactie*

## Bedankt

Het medeleven, belangstelling, de kaarten, de bezoekjes, telefoontjes, fruit en andere attenties, tijdens mijn heupoperatie, Bedankt daarvoor ook mede namens Sjoerd. Hartelijk groeten Sjoerd en Tetje Breeuwsma.

## Collectes



De collecte foar it Prinses Beatrix Fonds hat yn Tsjerkwert dizze keer 196,46 Euro opbrocht. Alle gear hiel hertlik tank hjiroar.


Mellina Huitema



De collecte van de Nierstichting heeft in Dedgum drieëntachtig euro en negentien cent opgebracht. Iedereen heel hartelijk bedankt. Met vriendelijke groeten.

Bertus Bruinsma.

# S N Y P S N A R E N



- Jehannes en Sytske waarden foar de twadde kear pake en beppe, mar op 'e nij wiene se der hielendal úndersteboppe fan; sels de Fryske flage hong op 'e kop oan de mestr !
- Op de Waltawei 51 hawwe se súnt koart lang om let gerdinen, in soad ynwenders binne hjir om ferskate redenen bliid mei. Erna H. fyt it lykwols spitich; at sy nachts thús kaam pikte se troch it rút noch wolris efkes in filmke mei...
- Of soe mem Harkema de gerdinen dêrom sponsere ha ? Dy hie it dochs al sa waarm doe't de iepen hurd wat tefolle flammen joech.... Lokkich lei der snie om it fjoer te dôvjen.
- Dy winterske buien kamen Dries K. wer net sa goed út. Troch it friezen koe hy syn auto de moarns mar min iepen krije, mar Dries is in slimme jonge: "ik lit de autodoar moai op in kierke stean, dan frieze de rubbers net fêst en kin ik der moarnier sa yn".....dan moat it dy nacht fansels net begjinne te sniejachtsjen Dries! Kinne je moarns earst dy hiele auto wer leech skeppe !
- Ek Jaap H. syn auto hie lêst fan de kjeld; dy liet nachts trije kear syn alarm troch de strjitte galmjie, nijerwetske dingen ek!
- Miskien wurdit wolris tiid dat it Waltahûs in alarm-installaasje krijt om dy ferhipte dieven fuort te jien. Of sille wy Aggie O. as buurtwacht ynstallearje ? Nei't wy heard hawwe wit dy ek wol rie mei dat frjemde folk. Goed dien Aggie!
- Miskien kin sy dan nachts ek alle kij fan Jeh. D. yn de gaten hâlde, dy rinne somtiden ek samar wer op 'e dyk om.
- Lokkich dat der klaverjassen wie: Nelly stie efter de bar en seach de kij rinnen; alle boeren stoden derhinne om mei elkoar de bisten wer te plak te krijen ! Sa binne je mei elkoar sterke en at it jo eigen bisten binne fine jo it ek moai at in oar jo efkes helpt no ? Net dan ? Of sit ik no te swetsen ?
- Ach, ik sil se ek net langer narje; de boeren hawwe it dôchs al sa min. Wol wer nuver dat der ynlenen allegearre molkrobots yn de stâllen fan Tsjerkwert komme, massaal ynkocht tink.
- Sa hawwe de boeren wer tiid foar har hobbys en Evert B. helle fuortendaliks syn crossmotor foar it ljocht en fleach lekker troch syn lân. Efkes letter waard hy skille troch buorman Sietse G.; at hy wol sjoen hie dat der ien of oare gek op in crossmotor troch syn lân skuord wie...!
- Bertus W. kriget wol in robot mar moat mar net mear op de motor want by him begjinne de jierren al aardich te tellen; alles sakket ! Earst de stâl en doe sakke hy sels ek noch troch it iis.

- Miskien is it better dat Bertus W. mei giet mei Jehannes D., efter op syn belslide!



- At se al ferwûne reitsje, kinne se harren helpe litte troch de nije EHBO-susters dy't wy hawwe; nei Hinke en Hinke hawwe wy no ek Hennie en Hennie; de Hennie's dus !
- Wy hawwe mear bekende minsken yn it doarp; sa stie Pier B. yn de krante en Harmen B. kaam op tv. Ek Bert M. kaam op tv, mar dat wie wer net sa'n goed idee.
- Hy moat him mar efkes wer dwaande hâlde mei de Ijochtsjes op it sportfjild, der wurdt no niks besparre want dy dingen baarne de hiele nacht.
- Van Zuiden hat net besparre, dy tocht: Haarsma in boatsje, dan wy in BOAT!
- Sa hat elts wer syn eigen hobby: sa ferkochten se by fam. Hylkema de kij en de bolle en kinne jo no op besite by keunstgalery Lolle.
- De pake fan Wessel F. makke foar him in moaie grutte frachtwine, mar pake brûkte folslein de ferkearde kleur "dat is net heity syn auto!" Heit hat de jûns yn it hok gelyk mar wer oan it fervjen west, tanke wol pake.
- De ynwonners fan Tsjerkwert wiene oars net sa wiis mei de Omrin doe't de nije ôffal kalinder kaam; yn desimber waard de grize kontainer net mear lege, mar efkes wachtsje oant 13 jannewaris..... No, dat hat de man oan de Omrintillefoan witten ! En gelokkich kaam dêr de kontainer-auto op 2 jannewaris troch it doarp, wat in opluchting, fuort mei al dy troep!
- Wiko wol noch wolris ferdúzje nei in plakje yn de nije nijbou en hâldt dat goed yn de gaten. Ta syn grutte skrik stiene der samar piketpealtsjes yn de grûn, op 'syn plakje'. Bliksem, hoe kin dit, hjir wist hy neat fan ! It fjoer sloech him hast út de earen ! Ach, dy ferrekte Onno ek altyd mei syn grappen !
- Der binne oars noch genôch huzen te keap yn Tsjerkwert en yn it nije jier wiene der samar wer hiele oare huzen te keap, it is net mear by te hâlden.
- Dan mar hope dat ús skiepepesturt Betty net ferhuzet en al hielendal net bûten Tsjerkwert, want sokke minsken dêr kin men teminsten op bouwe ! Fan herte lokwinske Betty !

**KOPIJ FOAR IT NIJE NÜMMER GRAACH FOAR FREED 7 MAAIE 2010**

## Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdrijf de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma

Van Panhuysweg 6

8765 LH Tjerkwerd


Telefoon: 0515-577013

Mobiel: 06-23211674


Email: richtjehiemstra@live.nl



*Nu met aantekening diabetische voet, reumatische voet en schimmeldiagnostiek.*



De redactie van  
“It Skieppesturtsje”  
wenst u een warm  
2010!



# WINTERAANBIEDINGEN

MACHINEHANDEL DIJKSTRA

IN- EN VERKOOP - ONDERHOUD/REPARATIE VAN MACHINES  
GESPECIALISEERD IN TUIN-, PARK- EN WEGENBOUWMACHINES



# MDT

.....KACHELS EN HEATERS.....  
HET IS WINTERTIJD, WIJ ZORGEN VOOR  
UW WARMTE  
TEVEN VOOR AL UW ONDERHOUD EN ONDERDELEN



INDUSTRIEPARK 1  
8701 PN

BOLSWARD  
0515-577370

[www.mdtbolsward.nl](http://www.mdtbolsward.nl)



VAL 6

infraroodheater en

Red Fire

petroleumkachels met  
een zeer schone  
verbranding, zonder  
rookgasafvoer.

U zet ze aan en  
geniet direct van de  
van de heerlijke  
warmte!!!!!!



Heaters, gas of dieselolie gestookt, met of zonder thermostaat  
diverse merken leverbaar.



WIJ WENSEN U EEN WARM 2010 TOE !!!!!